

Adressarre Namme
o.f. Namme Efternamme
Strjitte + húsnûmer
Postkoade + Plak

Logo
Slogan

OFFERTE

Offertenûmer:
Klant/projektnûmer:
Offerte datum:
Ferfaldatum:

Achte hear/frou ...

Nei oanlieding fan eardere petearen stjoer ik jo graach in offerte foar [de tekst, it artikel, de redaksje]

Us oanbod, foar in tekst mei in grutte fan [000] wurden en teksttarieding, is meiinoar € 0.000,00.

Begrutting

Undersyksûntwerp (16 oere à € 50) € 800
Stúdzje eftergrûnmateriaal (80 oere à € 50) € 4.000
Fraachpetearen (40 oere à € 70) € 2.800
Tekstproduksje (80 oere à € 70) € 5.600

Alle bedraggen binne eksklusyf 21% btw en reiskosten (€ 0,19 / km). De beteltermyn is 14 dagen nei faktuerdatum. Dizze offerte is jildich oant 30 dagen nei deitekening fan dizze offerte.

As jo noch fragen hawwe hear ik dat graach. Jo kinne dizze offerte ûndertekene weromstjoere nei it ûndersteande adres.

Op dizze offerte en op alle oerienkomsten dy't jo mei [Jo bedriuwynamme] oangeane, binne ús/ myn algemiene betingsten fan tapassing. In ôfprint dêrfan fine jo as taheakke by dizze offerte/Dy algemiene betingsten stean op de efterkant fan dizze offerte. Mei it tekenjen fan dizze offerte ferklearje jo ek dat jo de algemiene betingsten krigen hawwe en dermei akkoart gear.

Hertlike groetnis,

Datum + plak:
[Jo hantekening]
Namme:

Datum + plak:
Namme:

Taheakke: Algemiene betingsten fan [Jo bedriuwynamme]

Jo Namme Efternamme, namme@email.com, tillefoannûmer, KfK nûmer/btw-identifikaasje, en IBAN

Algemeine betingsten

Betellingsferplichting

It bedrach moat binnen 14 dagen nei faktuerdatum oermakke wêze op ús/myn bankrekken IBAN XXX, mei it neamen fan it faktuernûmer. By net op 'e tiid beteljen moatte jo de wetlike rinte betelje, berekkene fan de earste dei nei it ferstriken fan de betellingstermyn ôf, lykas hjirfoar omskreaun. Nei't wy/ik gjin antwurd krij/krije op 'e earste betel-tebinnenbringer, bringe wy/bring ik de tebinnenbringerskosten en ynkassokosten by jo yn rekken. By útbliuwen fan beteljen sille wy in ynkassoburo ynskeakelje moatte.

Oermacht

As omstannichheden dy't ús/my net ta te rekkenjen binne, likefolle oft dy omstannichheden op it stuit fan de oerienkomst te foarsjen wiene, it neikommen fan de ferplichtingen dy't folgje út de offerte ferhinderje, wurde ús/myn ferplichtingen oan de opdrachtjouwer útsteld. As it tiidrek dat dy oermacht it neikommen fan ús/myn ferplichtingen ferhinderet langer duorret as ien moanne hawwe de opdrachtjouwer en wy/ik beide it foech om de oerienkomst te ûntbinen sûnder dat der in ferplichting ta skeafergoeding bestiet. As wy/ik op it stuit dat de oermacht begjint al oan in part fan de ferplichtingen foldien hawwe/haw of foar in part oan de ferplichtingen foldwaan kinne/kin, hawwe wy/haw ik it rjocht om it útfierde of útfierbere part apart te fakturearjen en moat de opdrachtjouwer dat part foldwaan as wie it in aparte opdracht. Dat jildt net as it útfierde of útfierbere part gjin selsstannige wearde hat.